



## **AKKOUNTANTSRAPPORT 2020**

*Gearstallingsferklearring ôfjûn d.d. 12 july 2021*

foar

Stifting Frysktalige Berne-opfang  
Oan it bestjoer  
Postbus 298  
8901 BB LJOUWERT



## **YNHÂLD**

### **AKKOUNTANTSRAPPORTAAZJE**

1. GEARSTALLINGSFERKLEARRING	2
2. ALGEMIEN	3
3. SUBSYDZJE PROVINSJE FRYSLÂN	3
4. BEFININGS	4
5. UNDERTEKENING	4

### **JIERSTIKKEN 2020**

#### *JIERREKKEN*

A. BALANS PER 31 DESIMBER 2020	6
B. EKSPLOITAASJEREKKEN OER 2020	8
C. TALJOCHTING ALGEMIEN	9
D. TALJOCHTING OP 'E BALANS PER 31 DESIMBER 2020	11
E. TALJOCHTING OP 'E EKSPLOITAASJEREKKEN OER 2020	14

### **OARE GEGEVENS EN TAHEAKKE STIKKEN**

B1 FERSLACH OP BASIS FAN PRODUKTPLAN 2020	18
-------------------------------------------	----

Oan it bestjoer fan de  
Stifting Frysktalige Berne-opfang  
Postbus 298  
8901 BB LJOUWERT

**Skaaimerik:** 1630-2020

Achte bestjoer,

### **1. GEARSTALLINGSFERKLEARRING**

De jierrekken fan Stifting FBO te Ljouwert is troch ús gearstald op basis fan de fan jo krigen ynformaasje. De jierrekken bestiet út de balâns per 31-12-2020 en de eksploitaasjerekken oer 2020 mei de bybehearrende taljochting. Yn dizze taljochting is ûnder oaren in oersjoch fan 'e hantearre grûnslaggen foar finansjele ferslachjouwing opnommen.

Dizze gearstillingsferklearring is troch ús útfierd neffens Nederlânsk rjocht, wêrûnder de foar akkountants jildende Standerd 4410, "Samenstellingsopdrachten". Op grûn fan dizze standerd wurdt fan ús ferwachte dat wy jo stypje by it opstellen en presintearjen fan 'e jierrekken yn oerienstemming mei de wet- en regeljouwing dy't fan tapassing is. Wy hawwe dêrby ús saakkundigens op it mêd fan administrative ferwurking en finansjele ferslachjouwing tapast.

By in gearstillingsopdracht binne jo ferantwurdlik foar de jûste ynformaasje en dat jo alle relevante ynformaasje oanleverje. Wy ha ús wurksumheden, yn oerienstemming mei de dêrfoar jildende regeljouwing, dan ek útfierd fanút de ûnderstelling dat jo oan dizze ferantwurdlikheid foldien hawwe. As slútstik fan ús wurksumheden binne wy troch it lêzen fan de jierrekken globaal neigien oft it byld fan 'e jierrekken oerienkaam mei ús kennis fan jo stifting.

By it útfieren fan dizze opdracht ha wy ús hâlden oan de foar ús jildende relevante etyske foarskriften yn 'e feroardering Gedrachs- en Beropsrigels Akkountants (VGBA). Jo en oare gebrûkers fan dizze jierrekken meie der dan ek fan út gean dat wy de opdracht professioneel, fakbekwaam en soarchfâldich, ynteger en objektyf útfierd ha en dat wy fertroulik omgean mei de troch jo jûne gegevens.

Foar in neiere taljochting op de aard en omfang fan in gearstillingsopdracht en de VGBA ferwize wy jo nei [www.nba.nl/uitleg-samenstellingsverklaring](http://www.nba.nl/uitleg-samenstellingsverklaring).

**Accountantskantoor O. van der Boor**  
Carlierstraat 75  
8919 BD Leeuwarden  
Tel. 058-2651020  
E-mail [info@vdboomacc.nl](mailto:info@vdboomacc.nl)  
[www.vdboomacc.nl](http://www.vdboomacc.nl)  
KvK Leeuwarden 01089555  
IBAN NL59INGB0006268165  
BTW-nr. NL001.552.133.B40



## **2. ALGEMIEN**

It doel fan 'e stifting is it ûntwikkeljen en fuortsterkjen fan en soargjen foar de twataligens fan de bern yn Fryslân yn de foarskoalske perioade en fierder alles dat mei ien en oar streekrecht of sydlings ferbân hâldt of dêrta befoarderlik wêze kin, alles yn 'e romste sin fan it wurd.

Yn 't ramt fan dizze doelstelling is yn 2020 it mearjierrige projekt "Sertifisearring Frysk en twatalichheid" útfierd. In neiere beskriuwing is opnommen yn it ferslach fan dit projekt oer 2020 dat oan dit rapport taheakke is.

Yn 'e subsydzjebesikkingen wurdt ûnderskied makke tusken akwisytsje en begelieding fan plakken, subsydzje plakken, fisitaasje, bestjoerskosten en Helpdesk. Yn 'e eksploitaasjerekken binne dizze ûnderdielen by inoar swile (ynkl. exploitaasjesubsydzje) om't de kosten yn 'e administraasje net goed út inoar te heljen binne. Ek de berekkene ôfrekkens fan 'e subsydzjes binne yn in totaalbedrach werjûn.

Foarneamde projekten falle yn 2020 folslein ûnder de ferantwurdlikheid fan de Stifting Frysktalige Berne-opfang.

It bestjoer bestie per 31-12-2020 út sân leden, te witten de hear H. ten Hoeve (foarsitter), frou M.A. Dijkstra-Andela (ponghâlder) en de leden frou M. Elsinga, frou J. Schuitemaker, frou A. Waslander, de hear B. Mulder en de hear J. Dijkstra. De ynskriuwing by de Keamer fan Keaphannel is noch net oanpast oan dizze bestjoersgearstalling.

## **3. SUBSYDZJE PROVINSJE FRYSLÂN**

Taseine subsydzje 2017-2020 (op syn meast) op basis fan it tredde wizigingsbeslút d.d. 18 juny 2019

		<u>2.286.942</u>
Utbetelle foarskot 2020		585.892
Besteging subsydzje		<u>483.372</u>
		102.520
Reservearring maks. 25% boekjersubsydzje	-146.473	
Frijfal reservearring eardere jierren	<u>164.131</u>	<u>17.658</u>
	<b>Berekkene werom te beteljen oer 2020</b>	<u><u>120.178</u></u>



#### **4. BEFININGS**

Foar 2020 is gjin akkountantsferklearring mear easke by de jierrekken. Yn stee dêrfan moat der in kontrôleferklearring komme by in finansjeel ferslach 2017-2020.

Yn 2020 bestiet noch hieltiten in behoarlike skuld foar opboude frije oeren en oeroeren fan it persoaniel. Yn dizze skuld is in bedrach fan € 8.500 opnaam foar in saneamde friksjepot. Dit binne oeren dy't wierskynlik útbetelle wurde moatte oan personielsleden dy't yn'e koroanatiid mear trochwurke ha as oaren.

Ek binne der yn ferbân mei de koroanamaatregels minder fisitaasjes dien as begrutte. Om't by de subsydzje-oanfraach 2021-2024 hjir gjin rekken mei holden is en de fisitaasjes wol dien wurde moatte, is it ferskil tusken de begrutte kosten en de werklike kosten ad € 56.688 yn totaal as bestimmingsfûns meinaam. Yn it aktiviteiteferslach wurdt dit neier taljochte.

Fan 'e boekjierssubsydzje mei - ûnder betingsten - jierliks maksimaal 10% oan in bestimmingsreserve tafoegd wurde en dizze bestimmingsreserve mei op syn meast 25% fan de boekjierssubsydzje bedrage. Yn de jierrekken is fan it maksimale bedrach útgien.

Wy ha neigien oft de útbetelle subsydzjes oan 'e plakken strookten mei de fisitaasjeferslaggen en mei de útbetelle fergoedings oan de frijwillige fisitatoaren. Ek is neigien oft de nivo's en wersertifisearringen logysk binne sjoen de histoarje. Wy ha gjin opfallende ôfwikings konstataarre.

#### **5. UNDERTEKENING**

Wy betrouwe derop hjirmei oan jo opdracht foldien te hawwen. Foar it jaan fan neiere taljochtingen binne wy fansels altiten ree.

Ljouwert, 12 july 2021

Accountantskantoor O. van der Boom

O. van der Boom  
Accountant-Administratieconsulent



## **JIERSTIKKEN 2020**

- Jierrekken
- Oare gegevens



**A. BALANS PER 31 DESIMBER 2020**

(Nei ferwurking útstel bestimming risseltaat, ôfrûne op hiele euro's)

**AKTIVA**

		<u>31-12-2020</u>		<u>31-12-2019</u>	
			€		€
<b>FLOTSJENDE AKTIVA</b>					
Oare foarderingen	1	8.156		10.056	
Liquide middels	2	<u>382.977</u>	391.133	<u>304.791</u>	314.847
			<u>391.133</u>		<u>314.847</u>



		<u>31-12-2020</u>		<u>31-12-2019</u>	
		€		€	
<b>PASSIVA</b>					
<b>EIGEN FERMOGEN</b>					
Stiftingskaptaal	3	505		505	
Bestimmingsfûns	4	<u>203.161</u>	203.666	<u>-</u>	505
<b>LANGRINNENDE SKULDEN</b>					
Subsydzje Provinsje Fryslân	5		-		164.131
<b>KOARTRINNENDE SKULDEN</b>					
Subsydzjes Provinsje Fryslân	6	120.178		59.558	
Subsydzje plakken	7	900		2.475	
Krediteuren	8	841		2.411	
Oare skulden en oerrinnende passiva	9	<u>65.548</u>	187.467	<u>85.767</u>	150.211
		<u><u>391.133</u></u>		<u><u>314.847</u></u>	





**B. EKSPLOITAASJEREKKEN OER 2020**

		<u>2020</u>	<u>2019</u>
		€	€
Foarskot subsidyzje	10	585.892	572.300
Ofrekken subsidyzje	11	<u>-102.520</u>	<u>-13.429</u>
		483.372	558.871
Betelling plakken	12	43.875	52.200
Leanen en sosjale lêsten	13	370.647	399.501
Húsfestingskosten	14	14.154	13.847
Administraasje- en kantoarkosten	15	37.008	35.581
Oare kosten	16	<u>17.688</u>	<u>57.742</u>
		<u>483.372</u>	<u>558.871</u>
<b>Eksploitaasjerisseltaat</b>		<u><u>-</u></u>	<u><u>-</u></u>



## **C. TALJOCHTING ALGEMIEN**

### **Ynformaasje oer de rjochtpersoan**

De Stifting Frysktalige berne-opfang, Ekspertizesintrum foar Frysk yn de foarskoalske perioade (SFBO) is feitlik en statutair festige op 'e Westersingel 4, 8901 BB te Ljouwert en is ynskreaun by it Hannelsregister ûnder nûmer 01105407.

### **Aard fan 'e aktiviteiten**

De aktiviteiten fan 'e stifting besteane út it ûntwikkeljen en fuortsterkjen fan en soargjen foar de twataligens fan de bern yn de foarskoalske perioade.

### **Algemeine grûnslagen foar ferslachjouwing**

#### ***De standerds op basis wêrfan de jierrekken opsteld is***

De jierrekken is opsteld yn oerienstimming mei de wetlike bepalings fan art. 2:10 BW. Fierders wurdt oansluten by de "Richtlijnen voor de jaarverslaggeving voor kleine organisaties-zonder winststreven" (Richtlijn C1).

Aktiva en passiva wurde yn it algemien wurdearre tsjin ferkrijings- of ferfeardigingspriis of tsjin aktuele wearde. As net in spesifike wurdearringsgrûnslach fermeld is, dan fynt wurdearring plak tsjin ferkrijingspriis.

### **Grûnslagen**

#### ***Flotsjende aktiva***

Flotsjende aktiva wurde by earste ferwurking wurdearre tsjin de reële wearde fan 'e tsjinprestaasje. Foarderings wurde nei earste ferwurking wurdearre tsjin 'e amortisearre kostpriis. As de ûntfangst fan 'e foardering útsteld is op grûn fan in ferlingde oerienkommen betellingstermyn wurdt de reële wearde bepaald oan 'e hân fan 'e kontante wearde fan 'e ferwachte opbringsten en wurde op basis fan 'e effektive rinte rinte-yнкомsten ten geunste fan 'e steat fan baten en lesten brocht. Foarsjenning foar ûnibbaarheid wurde yn mindering brocht op de boekwearde fan 'e foardering.

#### ***Langrinnende skulden***

De langrinnende skulden bestean alhiel út it part fan 'e subsydze fan 'e Provinsje Fryslân dat net binnen in jier werom betelle hoecht. De bedragen binne opnommen foar nominale wearde.

#### ***Koartrinnende skulden***

Koartrinnende skulden wurde by earste ferwurking wurdearre tsjin reële wearde. Koartrinnende skulden wurde nei earste ferwurking wurdearre tsjin 'e amortisearre kostpriis, dit is it krigen bedrach rekkening hâldende mei agio of disagio en ûnder ôftrek fan transaksjekosten. Dit is meastentiids de nominale wearde



### **C. TALJOCHTING ALGEMIEN (ferfolch)**

#### **Grûnslaggen foar it bepalen fan it risseltaat**

Baten en lêsten wurde tarekkene oan it jier wêr't se betrekking op ha. Winsten wurde pas opnommen as se op de balânsdatum realisearre binne. Ferliezen dy't ûntstien binnen foar it ein fan it ferslachjier wurde meinommen as sy foar it opmeitsjen fan 'e jierrekken bekend wurden binne.

Oanskaffen fan kompjûterapparatur lykas laptops, printers ensfh. wurde net aktivearre, mar yn ien kear ten leste fan it risseltaat brocht. De bedragen binne beheind. Sjoch ûnder punt "14 Administraasje- en kantoarkosten" de post "Oare kantoarkosten en oanskaffingen".

#### **Fergelykjende sifers**

De fergelykjende sifers fan 'e foargeande ferslachperioade binne, foar safier nedich, allinnich foar fergelikingsdoeleinen oanpast.



**D. TALJOCHTING OP 'E BALANS PER 31 DESIMBER 2020**

	<u>31-12-2020</u>	<u>31-12-2019</u>
<b>FLOTSJENDE AKTIVA</b>		
<b>1. Oare foarderingen</b>		
Leanheffingen	3.553	5.981
Oare foarderingen en oerrinnende aktiva	<u>4.603</u>	<u>4.075</u>
	<u>8.156</u>	<u>10.056</u>
<b><i>Leanheffingen</i></b>		
Oanjeftte oktober, te folle betelle	563	2.886
Oanjeftte novimber, te folle betelle	1.062	2.208
Oanjeftte desimber, te folle betelle	<u>1.928</u>	<u>887</u>
	<u>3.553</u>	<u>5.981</u>
<b><i>Oare foarderingen en oerrinnende aktiva</i></b>		
Foarútbetelle hier	3.578	3.538
Opliedingskosten	688	-
Ofrekken/foarútfakturearre pensjoenpreemje	173	406
Ferskate oerrinnende aktiva	<u>164</u>	<u>131</u>
	<u>4.603</u>	<u>4.075</u>
<b>2. Liquide middels</b>		
Rekken-koerant Rabobank, NL94 RABO 0157 9815 84	<u>382.977</u>	<u>304.791</u>

It saldo op 'e bankrekken is konform it deiôfskrift fan 'e Rabobank op 31 desimber.



## **D. TALJOCHTING OP 'E BALANS PER 31 DESIMBER 2020 (ferfolch)**

### **PASSIVA**

#### **EIGEN FERMOGEN**

	<u>2020</u>	<u>2019</u>
<b>3. Stiftingskaptaal</b>		
Stân per 1 jannewaris	505	505
Dotaasje konform bestimming risseltaat	-	-
Stân per 31 desimber	<u>505</u>	<u>505</u>
	<u>31-12-2020</u>	<u>31-12-2019</u>
<b>4. Bestimmingsfûns</b>		
Reservearring maks. 25% boekjerssubsydzje nei 2021-2024	146.473	
Trochskowen begrutte subsydzjes nei 2021-2024	33.975	
Trochskowen fisitaasjekosten kommisje nei 2021-2024	6.137	
Trochskowen fisitaasjekosten persoanel nei 2021-2024	16.576	
	<u>203.161</u>	

Foar de foarming fan dit Bestimmingsfûns wurdt noch goedkarring frege oan de Deputearre Steaten fan 'e Provinsje Fryslân. Mei de Provinsje is lykwols ôfpraten dat dizze reserve alfêst opnommen wurde kin ûnder foarbehâld fan dizze goedkarring.

Itjinge yn dit fûns reservearre is, mei allinnich brûkt wurde konform de subsydzjebetingsten sa as dy oplein binne troch de Provinsje. De reervearring bestiet út twa kategoryen. De earste is de reservearring fan maks. 25% fan'e boekjerssubsydzje 2017-2020 nei 2021-2024. Normaal moat de opbou en ôfbou binnen de subsydzjeperioade falle. Foar de kontinuïteit moat der lykwols ek jild trochskood wurde kinne nei de nije perioade.

De twadde kategory is nedich om't troch de koroanamaatregels it tal útfierde fisitaasjes achterrint en yn 2021 en 2022 ynhelle wurde moatte. Dit is net meinommen yn 'e subsydzjeoanfraach 2021-2024 en komt der dus noch by. Fia dizze reservearring fan subsydzjes, kosten persoanel en kommisjeleden, binne dizze útjeften dan dutsen.

#### **LANGRINNENDE SKULDEN**

##### **5. Subsydzje Provinsje Fryslân**

Ynsake subsydzjetrajekt 2017-2020	-	164.131
Ynsake subsydzjetrajekt 2021-2024	-	-
	<u>-</u>	<u>164.131</u>

Sjoch side 3 foar in taljochting op 'e mutaasje.



## **D. TALJOCHTING OP 'E BALANS PER 31 DESIMBER 2020 (ferfolch)**

### **KOARTRINNENDE SKULDEN**

	<u>31-12-2020</u>	<u>31-12-2019</u>
<b>6. Subsydzjes Provinsje Fryslân</b>		
Berekkene ôfrekken boekjier projektplan	120.178	-
10% fan 'e taseine subsydzje 2016	-	58.558
Ekstra werombetelling	-	1.000
	<u>120.178</u>	<u>59.558</u>
<b>7. Subsydzje plakken</b>		
Thuis-bij Thea Wommels, nivo 1 en 2	-	1.800
BO Nei't Sin, wersertifisearring	-	225
BO It Protternêst, wersertifisearring	-	225
PO It Krobbenêst, wersertifisearring	-	225
BO De Kindertuin, nivo 1	900	-
	<u>900</u>	<u>2.475</u>
<b>8. Krediteuren</b>		
Krediteuren	<u>841</u>	<u>2.411</u>
<b>9. Oare skulden en oerrinnende passiva</b>		
Netto lean	1.045	2.847
Ekstra oeren ynklusyf sosjale lêsten	32.485	38.630
Reservearring loopbaanbudget	5.428	6.019
Reiskostenfergoedings	4.145	2.419
Frywilligersfergoedings	-	29
Ofrekken PFZW (PGGM)	-	455
St. PAWW	266	227
Kantoarkosten	148	-
Akkountant	21.426	20.000
Kosten helpdesk	605	15.125
Rinte en bankkosten	-	13
Ferskate oerrinnende passiva	-	3
	<u>65.548</u>	<u>85.767</u>

### **NET UT DE BALANS BLIKENDE FERPLICHTINGS**

Fanôf 1 jannewaris 2020 wurdt de kantoarromte yn it pân Westersingel 4 te Ljouwert hierd fan Noorderplantaazje BV foar € 14.154 per jier mei in yndeks. It hierkontrakt rint foar in jier mei automatyske ferlenging en in opsisttermyn fan 3 moanne.

Mei Stichting Fers is in kontrakt sluten ynsake de automatissearring (ICT) foar € 11.507 (2020) per jier op basis fan 14 lisensjes en mei yndeks. It kontrakt rint foar in jier mei automatyske ferlenging en in opsisttermyn fan 3 moanne.



**E. TALJOCHTING OP 'E EKSPLOITAASJEREKKE OER 2020**

	<u>2020</u>	<u>2019</u>
<b>10. Foarskot subsydzje</b>		
Untfongen foarskot boekjier	<u>585.892</u>	<u>572.300</u>
<b>11. Ofrekken subsydzje</b>		
Ynskake trochskowen subsydzje 2020 nei 2021	-17.658	-
Ynskake trochskowen subsydzje 2019 nei 2020	-	72.987
Ofrekken subsydzje	120.178	-
Frijfal reservearre subsydzje 2016	-	-58.558
Frijfal reservearring eardere jierren	-	-1.000
	<u>102.520</u>	<u>13.429</u>
<b>12. Betelling plakken</b>		
Utbetelle subsydzjes oan pjutteboartersplakken	9.900	52.200
Trochskowen begrutte subsydzjes nei 2021 (bestimmingsfûns)	33.975	-
	<u>43.875</u>	<u>52.200</u>
<b>13. Leanen en sosjale lêsten</b>		
Leanen	289.648	309.641
Sosjale lêsten en oare personiëlskosten	80.999	89.860
	<u>370.647</u>	<u>399.501</u>
<b><i>Leanen</i></b>		
Bruto leanen	256.846	289.894
Reis- en ferbliuwkosten meiwurkers	8.974	16.395
Fergoeding frijwilligers	1.115	3.352
Trochskowen fisitaasjekosten kommisje nei 2021 (bestimmingsfûns)	6.137	-
Trochskowen fisitaasjekosten persoanel nei 2021 (bestimmingsfûns)	16.576	-
	<u>289.648</u>	<u>309.641</u>
<b><i>Sosjale lêsten en oare personiëlskosten</i></b>		
Preemjes sosjale fersekeringen (UWV)	43.824	49.710
Pensjoenpreemjes	45.995	47.482
Ofdracht preemje St. Paww	916	795
Preemje syktejildfersekering	1.853	1.988
Arbobegelieding	556	293
Bydrage oanfoljende syktekostenfersekering	1.530	2.180
Oplieding meiwurkers	2.048	7.163
Unkostenfergoedings	2.354	2.234
Ferskate personiëlskosten	5.759	1.947
	<u>104.835</u>	<u>113.792</u>
Ôf:		
Ynhâlden pensjoenpreemjes/preemje St. Paww	-23.836	-23.932
	<u>80.999</u>	<u>89.860</u>



## **E. TALJOCHTING OP 'E EKSPLOITAASJEREKKE OER 2020 (ferfolch)**

### ***BESOLDIGING TOPFUNKSJONARISSEN***

Fanôf 2019 falt de stifting under de "Wet Normering Topinkomens" (WNT) om't 2019 it tredde jier op rij is dat mear as € 500.000 oerheidssubsydzje ûntfongen is. Fan de saneamde "Topfunksjonarissen" moatte de yn de WNT neamde gegevens yn it finansjeel jierferslach opnommen wurde én op 'e webside set wurde.

	<u>2020</u>	<u>2019</u>
<b>S.G. de Boer</b>		
<b><i>Funksjegegevens</i></b>		
Funksje: direkteur-projektliedster yn beide jierren		
Oanfang en ein funksjeferfulling	01/01-31/12	01/01-31/12
Omfang tsjinstferbân (as dieltydfaktor yn fte)	0,40	0,48
Tsjinstbetrekking	ja	ja
<b><i>Besoldiging</i></b>		
Beleanning plus belestbere ûnkostenfergoedings	26.468	29.979
Beleanningen betelber op termyn	-	-
	<u>26.468</u>	<u>29.979</u>
-/- Unferkuldige en noch net werom betelle bedrach	-	-
	<u>26.468</u>	<u>29.979</u>
Yndividueel tapaslike besoldigingsmaksimum <sup>1</sup>	<u>80.400</u>	<u>93.120</u>

<sup>1</sup>Dit is de beleanning dy't de topfunksjonaris op grûn fan 'e WNT maksimaal krije kin. De beleanning bliuwt hjir dus fier ûnder. De beleanning bestiet út it salaris, alle oare belestde ynkomen en de pensjoenkosten foar rekken fan 'e wurkjouwer.

Neist de hjirboppe fermelde topfunksjonaris binne der gjin oare funksjonarissen dy't fermeld wurde moatte op grûn fan 'e WNT om't dy in tsjinstbetrekking ha, mei yn 2020 in besoldiging boppe it yndividueel tapasselike drempelbedrach.

### **Bestjoer**

It bestjoer krijt neist in kadobon fan € 25 (2020) en in reiskostenfergoeding fan € 0,30/km gjin beleanning foar har wurksumheden.

It bestjoer bestie per 31-12-2020 út sân leden, te witten de hear H. ten Hoeve (foarsitter), frou M.A. Dijkstra-Andela (ponghâlder) en de leden frou M. Elsinga, frou J. Schuitemaker, frou A. Waslander, de hear B. Mulder en de hear J. Dijkstra.

It bestjoer bestie per 31-12-2019 út sân leden, te witten de hear H. ten Hoeve (foarsitter) en de leden frou M. Elsinga, frou J. Schuitemaker, frou A. Waslander, frou T. Dijkstra, hear B. Mulder en de hear J. Dijkstra.





**E. TALJOCHTING OP 'E EKSPLOITAASJEREKKE OER 2020 (ferfolch)**

	<u>2020</u>	<u>2019</u>
<b>14. Húsfestingskosten</b>		
Bydrage húsfestings- en automatisearringskosten FSP	<u>14.154</u>	<u>13.847</u>
<b>15. Administraasje- en kantoarkosten</b>		
Kantoarspullen ensfh.	4.561	4.034
Fracht en portikosten (ynkl. postbus)	3.870	2.157
Kontribúsjes en abonneminten	615	394
Akkountant	11.605	12.502
Kosten salarisferwurking	1.755	1.925
Automatisearringskosten	11.556	11.599
Bestjoerskosten ynkl. reiskosten	187	631
Oare kantoarkosten en oanskaffingen	<u>2.859</u>	<u>2.339</u>
	<u>37.008</u>	<u>35.581</u>
<b>16. Oare kosten</b>		
Attinsjes en materiaal sertifikaten/boeken	2.106	11.481
Fersekeringen	1.336	956
Kosten helpdesk (Heit & Mem-panel)	8.094	6.928
Edukative ynterfinsjes	250	19.360
Ekspertmeeting	-	237
Pilot Steden	5.704	18.594
Kursussen liedsters	56	-
Rinte en bankkosten	142	155
Oare algemiene kosten	-	31
	<u>17.688</u>	<u>57.742</u>



## **OARE TAHEAKKE STIKKEN**

## **Fuortgongsrapportaazje 2020**

## Gearfetting

Yn dit stik beskriuwt SFBO de foarderings yn de realisasje fan de folgjende ambysjes:

- Útwreiding fan it tal Frysk – of twatalige bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken, resultearjend yn in taname oant 250 lokaasjes yn 2020
- It begelieden, stypjen en hifkjen fan de kwaliteit fan dizze twatalige foarsjenningen
- It fersoargjen fan kursussen fan gastâlden op it mêd fan meartalige ûntwikkeling en meartalich wurkjen
- Ynvestearje yn twatalige foarsjenningen yn stedske situaasjes en de trochgeande line
- It trochûntwikkeljen fan in ynteraktyf panel-ûndersyk ûnder âlden fan jonge bern
- It fierder ûntwikkeljen fan foarljochtingsmateriaal oer en yntervinsjes op it gebiet fan meartalich opgroeien foar âlders en professionals
- It fierder útwreidzjen fan de funksje as ekspertize-sintrum op it mêd fan meartaligens en taaloerdracht by jonge bern

## 1. Ynlieding fuortgongsrapportaaazje 2020

It Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO) hat fan de Provinsje Fryslân de opdracht krigen om yn de jierren 2017-2020 it plak fan it Frysk yn it foarskoalske ûnderwiis fierder te fersterkjen. It giet dêrby neist it útfieren fan de haadaktiviteit – it jaan fan ynformaasje, advys en begelieding oan organisaasjes foar berne-opfang en it hifkjen fan de kwaliteit fan it twatalich wurkjen – ek om de realisaasje fan in tal projekten op it mêd fan (tapast) ûndersyk nei twataligens by jonge bern, âlderfoarljochting en de trochgeande learline.

It ûnderlizzende doel by likegoed ús kearntaak as de hjirboppe neamde bykommende aktiviteiten is de taaloerdracht tusken generaasjes. Dêrby rjochtsje wy ús op alle bern yn Fryslân. Dat betsjut net dat foar al dy bern de twataligens deselde ynhâld hat, en ek op deselde wize ta stân komt. Foar de fan-hûs-út Nederlânsktalige bern binne de twatalige foarsjenningen derop rjochte de bern boartsjendewei yn de kunde komme te litten mei in twadde taal, om sa harren taalgefoeligens te stimulearjen, en in begjin te meitsjen mei it oanlearen fan it Frysk as kultuer- en omgongstaal. Foar de fan-hûs-út oarstalige bern jildt dat lêste ek, mar foar har sil de twataligens op it pjutteplak ek in befêstiging wêze fan har eigen twatalige identiteit. Foar de fan-hûs-út Frysktalige (of Frysk-Nederlânske) bern binne ús foarsjenningen essinsjeel om de thústaal te fersterkjen; te faak sjogge we noch dat âlden dy't harren bern Frysktalich of twatalich grutbringe wolle, dêr yn de praktyk net yn slagje om't it oanbod fan it Frysk yn de omjouwing fan it bern te beheind is. Mei it each dêrop wolle we de kommende jierren by dizze groep it rendemint fan de ynspanningen op it mêd fan taaloerdracht fergrutsje.

Yn dizze fuortgongsrapportaaazje jouwe we oan hoe fier't wy op streek binne mei de ferskate aktiviteiten dy't beskreaun steane yn ús produktplan. Yn haadstik 2 wurde de risseltaten wjerjûn. Yn haadstik 3 wurdt by de mear omfiemjende aktiviteiten in útsplitsing jûn fan de ferskillende ûnderdielen fan dy aktiviteit, sa't dat ek dien is yn it produktplan. Reade triid yn de ferslachjouwing is fansels de koroana-sitewaasje. De lokaasjes binne in skoft ticht west, mar ek op de mominten dat se wol iepen wiene, wie der by in soad organisaasjes amper romte foar besites of oare aktiviteiten. De akwisytsje fan nije lokaasjes is aardich op peil bleaun, mar it trochstreamen nei hegere nivo's troch de fisitaasjes is bot achter bleaun by de doelstelling.

## 2. Fuortgong produkten en aktiviteiten

### 2.1 Utweiding fan it tal dielnimmende lokaasjes

St. FBO wol alle bern yn Fryslân de kâns biede te profitearjen fan de foardielen fan in meartalige ûntwikkeling. Dêrby rjochtet de stifting har primêr op de foarskoalske jierren. Sûnt 2003 hat de St. FBO troch finansjele stipe fan de Provinsje de romte om pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn Fryslân te advisearjen en te stypjen by de ynfiering fan it op in twatalige ûntwikkeling rjochte taalbelied. It ynfieren wurdt foarôfgien troch in faze fan ynformearjen en ynspirearjen en ôfsletten mei in kwaliteitsbeoardieling troch in ûnôfhinklike fisitaasje-kommisje. Saakkundigens, persoanlike begelieding en it oansluten by it ferlet en de mooglikheden fan de foarskoalske ynstellingen binne de wichtichste biedwurden fan St. FBO.

### Fuortgong 2020

Ein 2020 wiene 269 lokaasjes sertifisearre as bernedeiferbliuw of boartersplak foar meartalige ûntwikkeling, of dwaande mei it ynfieringstrajekt. Dat is ynklusyf it tal lokaasjes dy't it trajekt (fierhinne) ôfrûne hiene mar sûnt dy tiid de doarren sletten hawwe. De doelstelling foar 2020 lei op 250 lokaasjes. Dat is rom helle, ek as je meinimme dat wat mear (34) lokaasjes as begrutte (22) ûnderwilens de doarren sletten hawwe. De sifermjittige útwurking is te finen yn paragraaf 3.1.

### 2.2 Sertifikaat De Twatalige Gastâlder

Yn de tiid fan it opstellen fan it produktplan 2017-2020 murk St. SFBO in ferskowing fan de gruttere bernedeiferbliuwen nei de lytsskalige opfang. Ek de gastâlderopfang wie populêr. Soms is de grins tusken de

beide foarmen lyts. Gastâlden fange troch de wyks hinne betiden wol 5-10 bern op en binne dêrfoar ek oansletten by in gastâlderopfang-organisaasje.

Net alle bern dy't nei in gastâlder geane meitsje dêrneist ek noch gebrûk fan in pjutteboartersplak of bernedeiferbliuw. Foar de meartalige ûntwikkeling fan de bern dy't inkeld gebrûk meitsje fan gastâlderopfang is it fan belang dat de kennis oer meartaligens en it meartalich wurkjen ek yn dy sektor oanwêzich is. Dêrom hat St. FBO it sertifikaat "Gastâlder foar meartalich opgroeien" ûntwikkele. Dielnimmers kinne dat troch it folgjen fan twa ynstapkursussen fertsjinje. It sertifikaat kin alle jierren ferlinge wurde troch it folgjen fan in werhellingsmodule.

Mei it sertifikaat jouwe gastâlden oan dat hja har ferdjippe hawwe yn it ferrin fan de meartalige ûntwikkeling by jonge bern en dêr yn har opfang rekken mei hâlde. Ek binne hja bekend mei Frysktalich materiaal en aktiviteiten foar jonge bern. De byskoalle gastâlden kinne de opdiene kennis dêrnei wer ferspriede ûnder de doelgroep âlden.

### **Fuortgong 2020**

Us doelstelling wie dat ein 2020 200 gastâlden it sertifikaat "Gastâlder foar meartalich opgroeien" helle hawwe. Yn werklikheid wiene dat der 147, dus de doelstelling is net helle. Ofsjoen fan it feit dat de kursus troch de koroana-sitewaasje net jûn wurde koe, nimt it animo foar dizze kursus ek ôf. Om't de ynformaasjefoarsjenning fia dizze doelgroep foar ús folle minder wichtich is as dy fia de lokaasjes foar berneopfang, dy't in protte mear bern en âlden berikke, fine we dit sels net sa slim. De sifers binne te finen yn paragraaf 3.2.

### **2.3. Ynvestearje yn stedske situaasjes & de trochgeande line**

Sûnt de Provinsje Fryslân yn 2003 besleat de aktiviteiten fan SFBO finansjeel te stypjen, nimt it tal Frysk- en twatalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen rap ta. Ek yn stêden en gruttere wenplakken is animo foar it Frysktalige dan wol twatalige foarskoalske aanbod. Lykwols, sjoen it grutte tal foarskoalske ynstellingen yn dizze wenplakken is it persintaazje bern dat dêrmei berikt wurdt noch relatyf leech. Dat is spitich, om't yn ús ûnderfining júst yn sokke oerhearskjend Nederlânsktalige omjouwings dreech is foar âlden om de twatalige opfieding ta in súkses te meitsjen (sjoch paragraaf 2.4). De tagong ta in Fryske- of twatalige foarskoalske foarsjenning kin in grutte bydrage leverje oan it slagjen fan dy twatalige opfieding. Dêrby komt dat de demografyske ûntjouwings (krimp yn doarpen, jonge húshâldingen lûke nei de stêden) freegje om in gruttere fokus op de stedske situaasje. SFBO woe har dêr yn de perioade 2017-2020 (noch) mear op rjochtsje.

In oar punt dat bot spilet yn de gruttere wenplakken is de trochgeande line. "Us" foarsjenningen wurde likegoed troch Frysktalige as Nederlânsktalige bern besocht. Lykwols, de twatalige basis dy't de bern dêr opdogge kin ferlern gean as der fan groep 1 ôf op skoalle gjin of amper ynput fan it Frysk is. Yn 'e gruttere wenplakken is dat spitigernôch noch faak it gefal. Dêrom is it wichtich om yn it ramt fan de trochgeande line meartaligens ekstra omtinken te jaan oan de stedske situaasjes. De ûnderbou hat dêrby ús prioriteit. SFBO wurket op dit mêd gear mei it Sintrum Meartaligens fan Cedin.

### **Fuortgong 2020**

Ein 2020 moatte der 60 pjutteboartersplakken of bernedeiferbliuwen foar meartalige ûntwikkeling wêze yn stedske dan wol oerhearskjend Nederlânsktalige omjouwings. Wy beskôgje in omjouwing as oerhearskjend Nederlânsktalich as minder as 30% fan de bern op de ynstelling it Frysk as memme- of heitetaal hat. It giet dan om wenplakken as Ljouwert, It Hearrenfean. De Lemmer, Stiens, Boalsert en Hurdegaryp. Ein 2019 sieten wy op 55 lokaasjes. Nettsjinsteande de koroana-sitewaasje binne we der yn slagge om dêr yn 2020 noch 5 by te krijen. Dat betsjut in einstân fan 60 lokaasjes (ekslufy de lokaasjes dy't de doarren sletten hawwe). Dêrmei is de doelstelling helle.

Dêrneist stribje wy dernei dat ein 2020 25 basisskoallen yn wenplakken lykas It Hearrenfean, Ljouwert, Snits, Boalsert, Drachten, Harns en De Lemmer it model "Toepassingen van meertaligheid in verstedelijkte omgevingen" ynfierd hawwe en nochris 10 basisskoallen yn dy wenplakken trochstreamd binne nei de

startfariant 3TS (dus yn totaal 35 skoallen). Ein 2019 stie de teller yn totaal op 31 skoallen, wêrfan 7 dwaande wiene mei it trajekt 3TS. Troch de koroana-sitewaasje koe dat tal yn 2020 net fierder útwreide wurde en is it omtinken út gien nei konsolidaasje troch it ûnderhâlden fan kontakt mei de memmetaalsprekkers en skoallen. Op in pear skoallen hawwe yn de moannen april-juny en septimber – desimber de memmetaalsprekkers noch aktyf west. Op oare skoallen is dat op fersyk fan de skoalle of de memmetaalsprekker net bard. In útwurking yn sifers fan de beskreaune ambysjes is te finen yn paragraaf 3.3.

## 2.4 Ferheegjen rendemint taaloerdracht tusken generaasjes

Yn it beliedsbrieff *Mei Hert, Holle en Hannen* jout de Provinsje Fryslân oan it rendemint fan har ynspannings op it mêd fan taaloerdracht tusken generaasjes fergrutsje te wollen. It SFBO dielt dizze ambysje. It tal âlden dat it Frysk oerdrage wol op 'e bern skommelet no sa om de 50% hinne. Dat is yn prinsipe in sûne basis foar it fuortbestean fan de taal. Lykwols, we sjogge no yn de praktyk noch té faak dat dizze âlden der nei in stikmannich jierren achter komme dat it bern wol Frysk ferstiet, mar sels benammen of inkeld Nederlânsk praat. Net allinne tsjin freonen of op skoalle, mar ek yn 'e hûs. Neffens 2 ûndersiken útfierd troch SFBO docht dit ferskynsel him by 1 op 5 Frysktalige of twatalige húshâldingen foar. Wy fine dit persintaazje te heech. Op termyn ûndergraaft it de ambysjes fan de Provinsje op it mêd fan taaloerdracht tusken generaasjes. Wy sjogge it dêrom as ien fan de grutste útdagings foar de útfierende ynstellingen om yn 'e mande mei de Provinsje de kommende jierren dit persintaazje omleech te bringen. Alden dy't motivearre binne om harren bern Frysk- of twatalich op te fieden – en dat binne der lokkich in protte – moatte de stipe krije dy't hja nedich hawwe om dy winsk te realisearjen. Yn 2018 binne dêrta in tal aktiviteiten ûndernommen.

### Fuortgong 2020

- 1) Utbou Heit&Mem-panel: Yn 'e mande mei de Afûk, de Fryske Akademy en de RUG hat SFBO in ûndersykspanel opset dêr't jonge âlden oan dielnimme. Doel fan it panel is om troch tapast ûndersyk better ynsjoch te krijen yn de patroanen en strategyen fan jonge húshâldingen op it mêd fan (twatalige) taaloerdracht en taalstimulearring en it effekt dêrfan op de ûntwikkeling fan de bern. Medio 2016 bestie it ûndersykspanel út in lytse 200 húshâldingen en binne der 5 dielûndersiken útfierd. Ein 2020 stiet stiet it tal dielnimmende húshâldingen op 380 - dat is minder as de doelstelling. Yn ôfwachting fan besluten oer de fuortgong fan it panel binne der gjin dielûndersiken mear útfierd. Wol is analyze fan it ûndersyk fan ein 2019 dien. SFBO twifele oer hoe fierder mei it Heit&mem-panel. Oan de iene kant kin de ynformaasje dy't âlden jouwe it ynsjoch yn de súksesfaktoaren en falkûlen fan de twatalige ûntwikkeling fan bern fergrutsje. Oan de oare kant ûntbrekt it ús oan kennis en ek tiid om de kânsen dy't dit dielprojekt biedt goed te benutten. De kearnaktiviteit fan SFBO bliuwt it bieden fan begelieding oan organisaasjes foar berne-opfang. Underwilens hat de Provinsje oanjûn om yn it ramt fan Taalplan 2030 net fierder te gean mei it Heit&Mem-panel. We sille mei de leden fan de realisaaesjegroep Foarskoalsk nei oare mooglikheden sykje om ynformaasje te garjen en ideeën en prototypen útteste te litten troch de doelgroep jonge âlden.
- 2) Alderynformaasje: De ôfrûne jierren is SFBO hieltyd aktiver wurden op it mêd fan âlderynformaasje. Wy wurkje dêrby nau gear mei partner-organisaasjes lykas Afûk, JGZ en Biblioteekservice Fryslân. Yn 2020 binne der werprintingen kommen fan de Taalgroemeter, om opnommen te wurden yn "taalkado" fan de Afûk en om distribuearre te wurden fia biblioteken. SFBO hat ek in ynhâldlike bydrage levere oan it animaasje-foarljochttingsfilmke fan de Afûk.
- 3) Opsetten en útfieren fan yntervinsjes op it mêd fan opfiedingsûndersteuning. It SFBO hat oantenmei 2018 mei JGZ-Fryslân oan in pilot wurke yn de gemeenten Súdwest-Fryslân en De Fryske Marren. Konsultaasjeburo-dokters en ferpleechkundigen binne dêr traind yn it sinjlearjen fan (driigjend) ferlies fan de thústaal. By âlden fan bern dêr't soks spilet wurdt ekstra omtinken jûn oan it stimulearjen fan de twatalige ûntwikkeling. Om't it projekt yn de besteande foarm te gau ferwetteret, soe SFBO it yn in oare foarm jitte wolle. Tytsjerksteradiel hat it as aktiviteit opnommen hat yn har gemeentlike taalbeliedsplan. It wachtsjen is op de JGZ om hjir romte foar te finen en oan te jaan.

- 4) Yn it produktplan is de ambysje opnommen om yn de jierren 2017-2020 in pilot út te fieren rjochte op it ûntwikkeljen en ymplementearjen fan edukative yntervinsjes, as ûndersteuning fan oerdracht fan it Frysk as thústaal. We binne yn dat ramt dwaande mei 5 aktiviteiten.
- As earste binne we dwaande om ferskate modules fan de sjongmetoade 123Zing oan te bieden yn it Frysk. Dizze modules kinne brûkt wurde op pjutteboartersplakken mar ek yn groep 1 en 2 fan de basisskoalle. De metoade wurdt op in soad skoallen al brûkt by it muzykûnderwiis. Troch ek Fryske modules beskikber te stellen soargje we derfoar dat it Frysk by dy lessen ynset wurdt. Ien pjuttetema is ûnderwilens folslein beskikber yn it Frysk (berne-buorkerij). Fan 4 fan de 5 learlinen fan groep 1-2 binne in tal ferskes yn it Frysk oerset, se binne fan 1 febrewaris 2020 ôf online. Fan de skoallen ûntfange we positive reaksjes op dit oanbod.
  - Yn 2019 binne we dwaande west mei it útfieren fan in pilot om de ynset fan in robot hinne. It doel is dat de robot de bern stimulearje sil om Frysk te praten. It giet dus om in ferskowing fan it oanbieden fan it Frysk nei it stimulearjen fan it gebrûk dêrfan. Dat is by lytse bern dreech mar wol nedich; in ridlik grutte groep bern nimt it Frysk net oer fan heit en/of mem, it freget kreativiteit om dizze bern oer de taaldrompel hinne te helpen. Der is ferslach makke fan de befiningen. We wiene fan doel de befiningen yn te bringen yn in ekspertmeeting foar 2020, troch koroana wurdt dit trochskood nei 2021.
  - Dêrneist binne we dwaande mei it realisearjen fan in twadde produkt op it snijflak fan opfiedingsûndersteuning/edukative yntervinsje. SFBO ûntwikkelet in fisualisearre oerdrachts-formulier, dat bedoeld is om âlden en learkrêften fan de basisskoalle op in oantreklike wize ynformaasje te jaan oer it bern en de mjitte fan de twatalige ûntwikkeling. Dit wurdt getten yn de foarm fan in strip. It produkt wurdt ûntwikkele yn gearwurking mei de NHL-Stenden, dy't dit helpmiddel ûntwikkele hie foar autistyske bern. It formulier wurdt earst makke foar de ûndersteuning fan de 10-minutepetearkes op it pjutteboartersplak. Yn 2020 is de strip ôfmakke en úttest yn lytse groep. Troch de koroana-sitewaasje wie it net mooglik dizze op gruttere skaal út te setten. Mooglik wurdt de strip ûnderdiel fan it oergongsboekje dêr't de Afûk mei oan de gong is. Dit wurdt yn 2021 fierder útwurke.
  - In nij produkt dat yn 2020 ûntwikkele is, is in ynstrumint foar it omgean mei oarstalige bern yn in twatalige setting. Der is in ynformaasje poster makke foar Frysktalige liedsters, en in taljochting dêrop rjochte op (twatalige) teams. It ynstrumint wurdt troch de begelieders meinommen yn te begeliedingstrajekt. De reaksjes binne hiel posityf.
  - Fierder is in part fan de tiid dy't frijkommen is troch de koroana-sitewaasje bestege oan útwreidzjen en aktualisearjen fan oare materialen en helpmiddels dy't brûkt wurde yn it sertifisearringstrajekt lykas twatalige (tematyske) wurdkaarten en ferhaaltsjes foar it flanel-boerd.
  - De heal-jierlikse ekspertmeetings, dy't SFBO orgnisearret mei as doel mear ynnovative produkten en yntervinsjes te ûntwikkeljen mei gearwurkingspartners, binne yn 2020 net hâlden troch de koroana-sitewaasje.

In útwurking yn sifers is te finen yn paragraaf 3.4.

## **2.5 It fierder útwreidzjen fan de funksje as ekspertizesintrum foar meartaligens, taaloerdracht en draachflakferbreiding**

Sûnt 2007 ferfollet SFBO yn opdracht fan de Provinsje de funksje fan ekspertizesintrum/helpdesk foar meartaligens yn de foarskoalske perioade. Ut dy funksje wei jout it SFBO ynformaasje en advys oan bgl. oerheden, politike partijen, ynstânsjes lykas de GGD en JGZ, ûnderwiis, media en belange-organisaasjes. Wêr nedich kin SFBO ek stipe biede by it ûntwikkeljen fan belied of in bydrage leverje oan de útfiering dêrfan. Yn de perioade 2017-2020 woe SFBO dizze ekspertizefunksje fierder útbouwe.

### **Fuortgong 2020**

St. FBO wol har posysje as ekspertizesintrum fierder útwreidzje en de sichtberens fergrutsje. Dêrby wolle wy ús benammen profilearje op de folgjende domeinen:

- Taaloerdracht tusken generaasjes



- It ferrin fan de twatalige ûntwikkeling by jonge bern, en de taalsosjologyske en taalpsychologyske aspekten dy't dêrby in rol spylje
- It befoarderjen fan it gebrûk fan in doeltaal by jonge bern
- Draachflakferbreiding op it mêd fan meartaligens

Om dit te dwaan is yn 2020 konkreet it folgjende ûndernommen:

- As lid fan de KAG-foarskoalsk wie SFBO fan doel en draach fan 2017 ôf ynhâldlik by oan in jierliks te organisearjen ynterfyzje-byienkomst foar de professionals fan de útfierende Fryske organisaasjes. Dit is wol taret mar net útfierd troch de oanhâldende ûndúdlikens oer de takomst fan de KAG. Dit is bepraat mei de Provinsje. Ynstee dêrfan organisearret SFBO fan 2018 ôf de hjirboppe beskreaune ekspert-meetings.
- We woene de gastlessen op de opliedingen foar Pedagogysk Meiwurkers en Underwiisassistinten op ROC's jaan bliuwe, dat is yn 2020 ek bard, mar, troch de koroana-sitewaasje, wol minder as it doel wie. Yn 2020 binne 2 gastlessen hâlden, dat binne 6 minder as pland. Ien dêrfan barde yn it ramt fan de nije module dy't ûntwikkele wurdt troch de Afûk.  
Foar de beliedsperiode 2017-2020 is rom folden oan de sifersmjittige doelstellingen op dit mêd.
- SFBO is yn 2020 yntinsyf belutsen by de ûntwikkeling fan it Taalplan Frysk 2030. As pinfierder fan de sektor Foarskoalsk is der in soad tiid stutsen yn ôfstimming en planûntwikkeling. Dizze aktiviteit wie net opnommen yn de begrutting.
- SFBO is behelle by it projekt fan de gemeente Achtkarspelen om de kearndoelen Frysk rap yn te fieren en dêrby in stevige trochgeande line mei it foarskoalske ûnderwiis te ûntwikkeljen. Yn 2020 binne ferskate oerlizzende west, SFBO hat in ûnderlizzende notysje ynlevere.
- SFBO hat trije kear in workshop fersoarge foar de ynterne kursus fan Fers oer meartaligens.
- SFBO hat in bydrage levere oan de dokumintêre "Ien skoalle, 17 talen".
- SFBO leveret in haadstik yn it stúdzjeboek "Taalbewust lesgeven. Omgaan met talige diversiteit in het basisonderwijs." It boek ferskynt yn 2021 by útjouwerij Coutinho, in ridlik part fan it oerlis en skriuwwurk is útfierd yn 2020. Dizze aktiviteit komt yn it plak fan it ynternasjonale artikel dat opnommen wie yn it produktplan 2017-2020.

In útwurking yn sifers is te finen yn paragraaf 3.5.

### 3. Finansjele útwurking fan de produkten en aktiviteiten

#### 3.1 Akwisysje en begeliedingsaktiviteiten

##### **Doelstelling**

Op 1 jannewaris 2020 wiene yn Fryslân 264 pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen sertifisearre as Frysk- of twatalige ynstelling, of dwaande mei it sertifisearringstrajekt. Dat wie doe al mear as begrutte yn it produktplan 2017-2020. De Provinsje Fryslân hat oan St. FBO de opdracht jûn it tal ein 2020 op 250 stean soe. It werven en begelieden fan nije lokaasjes en it fierder fersterkjen fan de kwaliteit fan de sertifisearre ynstellingen kin mei rjocht sjoen wurde as de haadaktiviteit fan it SFBO.

Yn it sertifisearringstrajekt wurde 4 fazen trochrûn, dit binne achterienfolgens:

- Faze 0: De akwisysje: It SFBO siket kontakt mei en jout ynformaasje oan gemeenten, ynstellingen, bestjoeren en liedsters. Ek wurdt ynformaasje levere oan âlden (skriftlik en fia âlderjûnen).
- Faze 1: De begelieding op de wurkflier begjint. De fêste begelieder komt geregeldwei op it boartersplak/bernedefeiferbliuw om stap foar stap it taalbelied te ûntwikkeljen en yn te fieren yn 'e praktyk. Dêrby wurdt út soarte sjoen nei de kwaliteit fan it (taal) pedagogysk hanneljen. Dizze faze wurdt ôfsletten mei in fisitaasje op it earste nivo.
- Faze 2: Op basis fan de resultaten fan de earste fisitaasje wurdt de begelieding kontinuearre. Yn dizze faze wurdt it taalbelied skriftlik fêstlein. De lokaasje wurdt fisitearre op nivo 2.
- Faze 3: Begelieding oant en mei de sertifisearring (nivo 3). De puntsjes wurde op de "i" set. Resultaat: it taalbelied is ferankere yn it pedagogyske en personielsbelied fan de ynstelling. It oerlangjen fan it sertifikaat wurdt feestlik regele.
- Faze 4: In plak is sertifisearre. Foar it wenstige strukturele ûnderhâld hâldt it SFBO kontakt mei it plak. Om 'e trije jier folget in wertsertifisearring.

##### **Resultaten:**

De doelstelling foar 2020 wie set op 250 Frysktalige en twatalige lokaasjes, ferdield oer de ferskate nivo's. Op 31-12-2020 stie de teller op 269, dat de doelstelling is rom helle. Wol binne der yn 2017-2020 ek 12 lokaasjes mear sletten as ferwachte. Uteinlik hat it projekt oer de beliedsperioade 2017-2020 sân ekstra (iepen) lokaasjes oplevere as dat de doelstelling wie. Sûnder koroana hiene dat der grif noch mear west.

De lokaasjes dy't foar 2020 begûn wiene mei it trajekt binne dêr mei stipe fan de begelieding yn foardere. Yn totaal hawwe 171 lokaasjes it trajekt ôfrûne, 64 wiene dêr yn 2020 noch mei dwaande. 34 lokaasjes dy't al op nivo 2 of heger sieten, hiene op 1 jannewaris 2020 de doarren sletten. Dy lêste lokaasjes wurde neffens ôfspraak wol yn de telling meinommen. SFBO kriget fan de Provinsje foar dy sletten lokaasjes fan it jier nei sluting ôf (fansels) gjin subsydje mear foar begelieding.

NB: It kumulative tal sletten lokaasjes is yn 2020 like heech as yn 2019: Der is ien lokaasje tichtgien (Raerd), mar in oare lokaasje dy't sletten wie hat in trochstart makke (Aldwâld).

De behelle risseltaten oer 2020 binne yn ûndersteand skema opnommen. Dêrby is likegoed de stân op 1 jannewaris 2020 as dy op 31 desimber 2020 opnommen.

Foar de folsleinens binne ek de oantallen fermeld sa't dy't yn it produktplan 2017-2020 begrutte binne foar 2020. Om't dat produktplan al yn oktober 2016 opsteld is, kin it net oars as dat de sifers yn 'e werklikheid hjir en dêr wat ôfwike. Oer it generaal lizze we lykwols foar op koers. Oan 'e iene kant binne der wat mear lokaasjes sletten, oan oare kant komme der ek (rom) mear by as ferwachte. Dat der mear lokaasje slute as ferwachte hat oan 'e iene kant te krijen mei de krimp, oan de oare kant mei de hieltyd strangere easken, wêrtroch benammen de lytsere, partikuliere lokaasjes de doarren slute. De koroana-krisis komt dêr noch oerhinne.

Tal plakken	Begrutte 2020	Werklik 2020		Begrutte 2021
		Stân 1-1-2020	Stân 31-12-2021	
Faze 0	10	0	0	10
Faze 1	20	30	33	18
Faze 2	18	9	9	16
Faze 3	19	23	22	20
Faze 4	161	168	171	176
Faze x	22	34	34	35
Totaal	<b>250</b>	<b>264</b>	<b>269</b>	<b>275</b>

De list mei lokaasjes op 31 desimber 2020 is taheakke.

Ein 2019 rûn SFBO fier foar yn de prognoaze. Troch de koroana-sitewaasje is in part fan dy foarsprong weiwurden, mar oer de hiele beliedsperioade binne, lykas sein, úteinlik mear lokaasjes behelle as begrutte. Dêrmei is in besparing realisearre, dy't neffens ús as folget kapitalisearre wurde kin.

Yn it ferslach fan 2018 is dizze besparing net kapitalisearre. Dêrom wurdt er yn dit ferslach foar de trije jierren opnommen en taljochte.

Om it trajekt folslein te trochrinnen is 204 oan begelieding nedich. Foar begelieding fan sertifisearre lokaasjes is 12 oeren jiers opnommen.

Foar 2018 wie begrutte dat der ein dat jier 136 lokaasjes folslein sertifisearre wiene. Realisearre binne 146 lokaasjes. Dat betsjut dat SFBO 10 mear lokaasjes troch it trajekt liedt hat as begrutte. Dêrmei is yn in besparing fan 2040 oeren realisearre à € 78 is € 159.120.

Foar 2019 wie begrutte dat der ein dat jier 148 lokaasjes sertifisearre wiene. Realisearre binne 168 lokaasjes. Dat betsjut dat SFBO 20 mear lokaasjes troch it trajekt liedt hat as begrutte. 10 dêrfan wiene realisearre yn 2018, 10 yn 2019. Dêrmei is yn 2019 in besparing fan 10 x 204 is 2.040 oeren realisearre à € 79 is € 161.160.

Dêrneist is foar it ûnderhâld fan de ekstra lokaasjes út 2018 (10 stiks) 12 oeren it stik à € 79 net bekostige. Dat levert in besparing op fan 120 oeren à € 79 is € 9.480

De totale besparing fan 2018 en 2019 byinoar opteld is € 329.760.

Yn 2020 is dizze foarsprong fan 20 lokaasjes weromrûn nei 10. Dat betsjut dat 10 x 204 oeren à € 80 = € 163.200 wer ferdampe binne. Wol is it ûnderhâld fan de ekstra (sertifisearre) lokaasjes út 2018 en 2019 (20 stik) foar 12 oeren jiers it stik à 80 net bekostige troch de Provinsje. Dat levert in besparing op fan 240 oeren à € 80,= is € 19.200. Oer de perioade 2018-2020 is úteinlik in besparing fan € 185.760 realisearre.

De besparre oeren komme foar in part út ûnderbesteging op oare aktiviteiten (lykas de gastâlderkursussen en it Heit&mem-panel). Foar in grut part komme se ek út de effisjinte wize fan wurkjen fan SFBO.

Yn it produktplan foar de jierren 2021-2024 sil gjin subsydje oanfrege wurde foar it werven en begelieden fan dizze 10 "ekstra" sertifisearre lokaasjes (wol foar it ûnderhâld dêrfan). Dat betsjut dat dizze lokaasjes yn feite sûnder kosten twatalich wurden binne.

### 3.1.4. Subsydzjes foar de lokaasjes

#### **Doelstelling:**

Om de kwaliteit fan it taalbelied fan de dielnimmende lokaasjes te hifkjen wurket de St. FBO al sûnt 2000 mei in ûnôfhinklike fisitaasjekommisje. Dizze giet by de lokaasjes del om nei te gean oft hja yn oanmerking komme foar it sertifikaat. De easken dêrfoar binne troch de St. FBO fêstlein yn in kwaliteitsramt.

Om de kontinuïteit fan it taalbelied te garandearjen, wurde sertifisearre lokaasjes yn prinsipe ienris yn de trije jier op 'e nij fisitearre.

Dielnimmende lokaasjes krije in (beheinde) fergoeding foar de kosten dy't se meitsje foar it ynfieren fan it taalbelied. By kosten moat men tinke oan boeken of oare oankeapen foar de ferbettering fan de taalomjouwing, kosten foar âlderjûnen, oanpassen printwurk en ekstra oeren (oerlis, kursussen). De fergoeding wurdt yn de foarm fan in stimulearringssubsydzje keppele oan it beheljen fan in folgjend nivo yn it sertifisearringstrajekt.

By de subsydzjes giet it om de folgjende bedragen.

Nivo 1 = € 900

Nivo 2 = € 900

Nivo 3 = € 450

Foar faze 4 wurdt jierliks € 60 de lokaasje reservearre. Yn prinsipe komt in lokaasje ienris yn de 3 jier yn oanmerking foar in wersertifisearring, en kriget dan in subsydzje fan € 225. Yn de praktyk is de tiid tusken de wersertifisearringen wolris langer, fan dêr dat fan 2014 ôf de reservearring werombrocht is fan € 75 nei € 60 jiers.

#### **Risseltaten:**

Hjirûnder stiet in oersicht fan de subsydzjes, ûnderferdielt yn nivo's, dy't útkeard binne oan de dielnimmende lokaasjes. NB: Oars as yn it skema yn paragraaf 2.2 giet it yn it ûndersteande skema dus net om it tal lokaasjes dat him yn in bepaalde faze befynt. It tal fisitaasjes leit aardich leger as de prognoaze; troch de koroana-sitewaasje koene we mar yn in beheinde perioade en op in lyts tal lokaasjes telâne. It kaam geregeldwei foar dat in regele fisitaasje op it lêste momint wer ôfsein waard, bygelyks om't de te fisitearjen pm-er klachten hie en dêrom net wurkje mocht. De fisitaasjes sille ynhelle wurde moatte yn 2021 en 2022. Yn de nije oanfraach is gjin budzjet opnommen foar dizze yn te heljen fisitaasjes. Dêrom wurdt it ferskil tusken de begrutting en realisaasje by dizze post (earmerke) reservearre. It giet om € 43.875 - € 9.900 = € 33.975.

<b>Tal fisitaasjes</b>	<b>Begrutte 2020</b>	<b>Werklik 2020</b>
Nivo 1, behelle yn 2020	12	3
Nivo 2, behelle yn 2020	18	2
Nivo 3, behelle yn 2020	16	5
<b>Totaal fisitaasjes nivo 1, 2 en 3</b>	<b>44</b>	<b>10</b>
<i>Nivo 3, behelle yn 2019 of earder</i>	<i>161</i>	<i>168</i>
<b>Wêrfan wersertifisearre yn 2020</b>	<b>43</b>	<b>14</b>
<b>Yn euro's</b>	<b>Begrutte 2020</b>	<b>Werklik 2020</b>
Nivo 1	€ 10.800	€ 2.700
Nivo 2	€ 16.200	€ 1.800
Nivo 3	€ 7.200	€ 2.250
Faze 4 (wersertifisearring)	€ 9.675	€ 3.150
<b>Totaal</b>	<b>€ 43.875</b>	<b>€ 9.900</b>

### 3.1.5. Kosten fisitaasjes

De fisitaasjes wurde dien troch leden fan de fisitaasjekommisje, al dan net yn kombinaasje mei in begelieder fan it SFBO. De fisitatoaren krije in frijwilligers/ûnkostefergoeding foar harren ynset. Dizze bedragen falle binnen de wetlike tastiene fergoeding fan frijwilligers.

De fisitaasjekommisje fan Stifting Frysktalige Berne-opfang bestiet yn 2020 út de folgjende leden:

- Annigje Toering
- Riemkje Pitstra
- Janny Bottema
- Hilly Brouwers
- Anneke Waslander
- Greta Beetstra
- Sytske Eringa
- Foekje Ybema
- Anke Haanstra
- Myja Zijlstra (nij maitiid 2020)

De meiwurkers fan it SFBO dy't yn 2020 fisitaasjes útfierd hawwe binne:

- Sjoeke Kampen
- Johanna Zaagmans
- Sietske de Roos
- Petra Renema
- Janny Posthuma
- Mirjam van der Hoek
- Jeannette Numan
- Tilly Bonnema
- Thea Dekker
- Maaïke van der Ploeg

It tal fisitaasje strookt net mei de prognoaze. Njoggen fisitaasjes koene útfierd wurde troch leden fan de fisitaasjekommisje. Dêrnei hawwe de begeliedsters de fisitaasjes dy't mooglik wiene oernommen. Wêr't yn oare jierren in grut part fan de fisitaasjes útfierd wurde troch 2 persoanen, binne - fanwege de omstannichheden - yn 2020 in relatyf soad útfierd troch ien persoan. Al mei al binne de kosten foar de útfierde fisitaasjes oanmerklik leger as yn de prognoaze.

Yn 2020 hat der 1 gearkomste west fan de fisitaasjekommisje.

Begrutte kosten fisitaasjes	Begrutte 2020	Werklik 2020
Fisitaasjes troch komisje	89	9
Kosten de fisitaasje	€ 64	€ 42,07
Tot. kosten kommisjeleden	€ 5.696	€ 379
Kosten gearkomsten	€ 1.000	€ 180
Fisitaasjes troch meiwurkers SFBO	76	20
Kosten de fisitaasje	€ 296	€ 296
Tot. kosten SFBO-meiwurkers	€ 22.496	€ 5.920
<b>Totaal</b>	<b>€ 29.192</b>	<b>€ 6.479</b>

Om't it tal útfierde fisitaasje troch koroana achterrint en we dit yn 2021 en 2022 ynhelje moatte, reservearje wy by dizze post it ferskil tusken de begrutting en realisasje. It giet om: € 29.192 - € 6.479 = € 22.713. Hjirfan hat € 16.576 betrekking op it persoanen en € 6.137 op 'e kommisjeleden.

### 3.2 Utwurking yn sifers fan produkt De twatalige gastâlder

Us doelstelling wie dat ein 2020 200 gastâlden it sertifikaat "Gastâlder foar meartalich opgroeien" helle hawwe. Yn 2020 binne troch de koroana-sitewaasje gjin kursussen foar foar gastâlden organisearre. In digitale ferzje fan de kursus past net by de ynhâld en de doelgroep dêrfan. Dêrom is de einstân foar 2020 itselde as dy fan 2019: 147 gastâlden.

	Begutte 2020	Werklik 2020
Tal dielnimmende gastâlden	200	147
Tal oeren	90	0
Oerepriis	€ 80	€ 80
<b>Totaal</b>	<b>€ 7.200</b>	<b>€ 0</b>

### 3.3 Utwurking yn sifers fan aktiviteit Ynvestearje yn stedske sitewaasjes en de trochgeande line

By de aktiviteiten dy't falle ûnder de trochgeande line wurket SFBO nau gear mei Cedin. De begelieding fan de ûnderbou fan stedsskoallen is as folget ferdielt:

SFBO nimt in grut part fan it werven fan de skoallen en it werven en begelieden fan de memmetaalsprekkers foar har rekken. Ek wurde alle jierren op syn minst twa kursusjûnen fersoarge foar de memmetaalsprekkers. Dêrfoar is yn de begrutting jierliks 10 oeren oan begeliedingstiid per skoalle opnommen. In tal skoallen, ynkl. frijwilligers, wurde begelaat troch Cedin. SFBO docht yn dy gefallen wol de byskoalling fan de memmetaalsprekkers en de administraasje oangeande har fergoeding. Foar dy skoallen rekkenje wy 2 oeren jiers. Dat jildt ek foar de skoallen dêr't we noch wol kontakt mei hawwe, mar dy't gjin MTS-er mear ynsette. Sadree't in skoalle trochstreamd nei de startfariant 3TS giet de begelieding oer nei Cedin. SFBO hâldt dan wol faak de begelieding fan de memmetaalsprekkers ûnder har hoede. Ek foar dy skoallen is yn de begrutting 10 oeren jiers opnommen. Oars as yn de produktoanfraach hawwe we yn dizze fuortongsraportaazje ek de post 'skoallen à 0 oeren opnommen. Dêrby giet it om skoallen dy't (ûnderwilens) meidogge oan it trajekt 3TS, en dy't gjin memmetaalsprekker (mear) hawwe.

Yn 2020 binne de memmetaalsprekkers folle minder aktyf west op de skoallen as de ôfrûne jierren. Likegoed hat SFBO aardich tiid stekke moatten yn it ûnderhâlden fan de kontakten mei de memmetaalsprekkers en de skoallen. Ek hawwe we tiid stutsen yn it tarieden fan de ynspiraasjejûn (dy't úteinlik net trochgje). Dêrom rekkenje wy per aktiviteit 60% fan it tal oeren dat der oarspronklik foar stie.

De list fan de dielnimmende skoallen is taheakke.

	Begutte 2020	Werklik 2020
<b>Totaal tal skoallen</b>	35	31
Tal skoallen à 10 oeren (no 6)	17	15
Tal skoallen à 2 oeren (no 1,2)	18	9
Tal skoallen à 0 oeren	0	7
<b>Totaal oeren</b>	206	100,80
Oerepriis	€ 80	€ 80
<i>Subtotaal</i>	<i>€ 16.480</i>	<i>€ 8.064</i>
Fergoedingen memmetaalsprekkers	€ 5.000	€ 5.704
Kosten pr-middels (helpdesk)		€ 666
<b>Totaal kosten</b>	<b>€ 21.480</b>	<b>€ 14.434</b>

### 3.4 Utwurking yn sifers fan de aktiviteiten oangeande it ferheegjen rendemint taaloerdracht tusken generaasjes

Oeren	Begrutte 2020	Werklik 2020
Heit&mempanel	200	80
Alderynformaasje	0	20
Opfiedingsûndersteuning	80	50
Pilot edukative yntervinsje	40	90
Totaal oantal oeren	320	240
Oerepriis	€ 80	€ 80
<i>Subotaal</i>	€ 25.600	€ 19.200
<b>Materiaal/aktiviteitenkosten</b>		
Panel/lân fan taal (surveymonkey)	€ 1.500	€ 400
Ekspertmeeting & opfiedingsûndersteuning	€ 2.000	€ 5.233
Edukative yntervinsjes	€ 500	€ 1.266
<b>Totaal</b>	<b>€ 29.600</b>	<b>€ 26.099</b>

### 3.5 Utwurking yn sifers fan de aktiviteiten oangeande de útbou fan it ekspertizesintrum foar meartaligens, taaloerdracht en draachflakferbreiding.

	Begrutte 2020	Werklik 2020
Tal oeren	50	80
Oerepriis	€ 80	€ 80
<i>Subotaal</i>	€ 4.000	€ 6.400
Materiaal/aktiviteitenkosten	€ 1.000	€ 0
<b>Totaal</b>	<b>€ 5.000</b>	<b>€ 6.400</b>

## 4. Finansjeel oersjoch 2020

Hjirûnder it totaal-oersjoch fan de aktiviteiten en de dêrby hearrende kosten oer 2020.

	BEGRUTTE 2020	WERKLIK 2020
Utwreiding tal plakken	€ 427.656	€ 363.372
Subsydzje foar de plakken	€ 43.875	€ 9.900
<i>Yn te heljen yfm koroana</i>		€ 33.975
Kosten fisitaasjes	€ 29.192	€ 6.479
<i>Yn te heljen yfm koroana</i>		€ 22.713
Sertifikaat Gastâlders	€ 7.200	€ 0
De trochgeande line	€ 21.480	€ 14.434
Aktiviteiten taaloerdracht	€ 29.600	€ 26.099
Utwreiding ekspertizesintrum	€ 5.000	€ 6.400
<b>Totaal</b>	<b>€ 564.003</b>	<b>€ 483.372</b>

Yn de begrutting is € 1.096 fan de post “subsydzje plakken” oerhevele nei “útwreiding tal plakken”. Dat bedrach is nammentlik ornearre foar it boekepakket dat plakken krije en wurdt net útkeard as subsydzje

**Nûmer List twatalige lokaasjes per 1/1/2021**

**Nivo 3 (sertifisearre)**

1001	<i>Lekkum, De Kobbepykjes (sletten)</i>	<i>Sinne Welzijn</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1003	Sibrandabuorren, IKC De Legeaen	SKF	Pjutte-opfang en bdf
1004	Dokkum, De Krûpelhintsjes	SKF	Pjutte-opfang
1005	Frjentsjer, It Kikkertfiskje	SKF	Pjutte-opfang
1006	Stiens, De Oesterkes	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1007	Twizelerheide, Us Boartershûske	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1008	<i>Snits, It Berneroefke (sletten)</i>	<i>Timpaan Peuterspeelzalen</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1009	Ljouwert, Bernestate	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1010	Ljouwert, It Sinnebern	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1011	<i>Ljouwert, Bernelân (ophâlden)</i>	<i>Kidsfirst</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1012	Aldegea (W), De Joopykjes	SKF	Pjutte-opfang
1013	Oerterp, De Spil	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1014	Aldegea (GS), De Lytse Skeakel	SKIK	Pjutte-opfang
1015	Sleat, 't Kidelstientsje	SKIK	Pjutte-opfang
1016	Aldemardum, Pjuttewille	SKIK	Pjutte-opfang
1017	<i>Ljouwert, Kleine Beer, Huzum x</i>	<i>Sinne Welzijn</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1018	<i>Ljouwert, Pippeloentje (opholden)</i>	<i>Sinne Welzijn</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1019	<i>Drachten, Us Twadde Thús (ophâlden)</i>	<i>Vandaag Kinderopvang</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1020	Jistrum, It Pjutteplak	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1021	Balk, 't Plankje	SKIK	Pjutte-opfang
1022	De Knipe, De Barte	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1023	<i>Folsgeare, de Gearrinhummels (sletten)</i>	<i>SKF</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1024	Mantgum, Pukkewjuk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1025	Jobbegea Skuorreges, It Krielhoekje (Kiek en Koe)	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1026	Anjum, It Boartersplak	SKF	Pjutte-opfang
1027	<i>Easterlittens, De Bernejister (sletten)</i>	<i>St. Welzijn Middelsee</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1028	Jobbegea 3e Slús De Kompenije (It Healtsje)	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1029	<i>Jorwert, De Krúntsjes (sletten)</i>	<i>St. Welzijn Middelsee</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1030	Rie, De Oanset	SKF	Pjutte-opfang
1031	Easterein, De Poaskepôle	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1032	<i>Wommels, Lytse Freule (sletten)</i>	<i>St. KO Zuidwest Friesland</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1034	Wjelsryp, PO Wjelsryp	SKF	Pjutte-opfang
1035	Ryptsjerker, It Protternêst	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1036	Nijhoarne, De Lytse Bearkes	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1037	Feanwâlden, De Luchtballon	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1038	Feanwâlden, Jodocus	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1039	Weidum, It Pjuttekeampke	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1040	Warten, It Roekeltsje	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1041	Dronryp, Ringeling	SKF	Bernedeiferbliuw
1042	Earnewâld, De Springplank	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1043	Frjentsjer, Het Tweede Thuis	SKF	Bernedeiferbliuw
1044	Burdaard, Oer de Brêge	Tiko	Pjutte-opfang
1045	Winsum, It Pikepôltsje	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1046	Heech, It Pikepôltsje	SKF	Pjutte-opfang
1047	Wâldsein, De Beltsjebloom	TBT Groep	Pjutte-opfang
1048	De Hommerts, De Moskeflap	SKF	Pjutte-opfang



1049	Skearnegoutum, Hummeltsjeshonk	TBT Groep	Pjutte-opfang
1050	Toppenhuzen, Boartlik Bigjin	SKF	Pjutte-opfang
1051	Nijlân, Humpie Dumpie	SKF	Pjutte-opfang
1052	Boazum, It Krobbehonk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1053	Warkum, Hummelhiem	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1054	Blauhús, It Protternêst	SKF	Pjutte-opfang
1055	Ferwert, Lyts Underdak	Tiko	Pjutte-opfang
1056	Bakhuzen, De Peuterhof	SKIK	Pjutte-opfang
1057	Frjentsjer, Het Tweede Thuis	SKF	Pjutte-opfang
1058	<i>Spannum, De Pikestjelp (ophâlden)</i>	<i>SKF</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1059	Bitgummole, De Krobbekeer	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1060	Hallum, De Parachute	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1061	<i>Snits, Ijlsterkade (sletten)</i>	<i>Humpy Dumpy Kinderdagverblijven</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1062	<i>Snits, Frieswijkstraat (sletten)</i>	<i>Humpy Dumpy Kinderdagverblijven</i>	Bernedeiferbliuw
1063	Menaam, Bernetiid sletten	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1064	Reduzum, Bernewrâld	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1065	Burgum, PbP Poppestien	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1067	Berltsum, It Hûnenêst (trochstart 1-1-2020)	SKF	Pjutte-opfang
1068	Marrum, De Eekhoorn	Tiko	Pjutte-opfang
1069	Drachten, De Wetterblom	Smallsteps	Bernedeiferbliuw
1070	Wiuwert, De Hummelzolder	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1071	Eastermar, It Krobbehem	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1072	Wommels, It Skarrelspultsje	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1074	Blije, De Klaaiklútsjes	Tiko	Pjutte-opfang
1075	<i>Koudum, Beantsjekroas (sletten)</i>	<i>Kidsfirst</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1076	't Hearrenfean, It Bernetreintsje	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1077	Fusearre mei Nijemardum	St. Psz Gaasterlân-Sleat	Pjutte-opfang
1078	<i>Ealahuzen, Jip en Janneke (sletten)</i>	<i>St. Psz Gaasterlân-Sleat</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1079	Menaam, De Hoekstien	SKF	Pjutte-opfang
1080	Damwâld, De Pompebledsjes	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1081	Sint Anne, De Krobbekeet	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1082	Droegeham, De Hamsterkes	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1083	Sumar, It Boartersplak	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1084	Eastermar, Hummelhof	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1085	Easternijtsjerk, De Bernejister	SKF	Pjutte-opfang
1086	Hylpen, De Kobbe	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1087	Broeksterwâld, De Pjuttekroade	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1088	De Westereen, Peuterhonk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1089	<i>Drachtster Kompenije, It Krobbenêst (sletten)</i>	<i>M.O.S.</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1090	Oentsjerk, De Opstap	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1091	Drylts, Lyts Yleke	SKF	Pjutte-opfang
1092	Noardburgum, It Protternêst	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1093	Koudum, It Fûgelnêst	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1094	Sint Jakobiparochie, Ons Speulplakky	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1095	Mitselwier, De Pikestjelp	SKF	Pjutte-opfang
1096	Wurdum, De Doarpsskoalle	SKF	Pjutte-opfang
1097	Wâlterswâld, 't Boartershoekje	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1098	Nijemardum-Sondel, 't Opstapke	SKIK	Pjutte-opfang

1101	Drachten, De Tovervis	Smallsteps	Bernedeiferbliuw
1103	Balk, Bernefleur	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1104	De Gordyk, Op ús Pleats	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1105	Mantgum, It Flinterke	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1106	Bûtenpost, De Krobbekûle	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1107	Twizel, Date's Plakje	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1108	Koatstertille, De Bernejister	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1109	<i>De Jouwer, Lytse westermar / Einepykjies</i>	<i>SKIK</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1111	Noardburgum, De Lytse Pykjies	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1112	Grou, Friesmastate	SKF	Bernedeiferbliuw
1114	De Gordyk, Tegearre Ien	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1115	Holwert, De Spetters /Us Earste Begjin)	SKF	Pjutte-opfang
1116	<i>Ousterhaule, De Pjutterkes sletten 6/2018</i>	<i>SKIK</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1117	Terherne, De Poaskepleats	SKIK	Pjutte-opfang
1118	Marsum, De Pikepôle	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1119	De Jouwer, De Stuitbal	SKIK	Pjutte-opfang
1120	Rotsterhaule, De Lytse Wjukjes	SKIK	Pjutte-opfang
1121	Ljouwert, Het Bloemenkind	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1122	Burgum, De Boartersboat	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1123	Ingwierrum, Krekt út it Nêst	SKF	Pjutte-opfang
1124	Aldehaske, kdv Aldehaske	SKIK	Bernedeiferbliuw
1125	Ternaard, It Boartersplak	SKF	Pjutte-opfang
1127	De Westereen, 't Flinterke	Partikulier pjutteboartersplak	Pjutte-opfang
1128	Hijum, De Troetelbeertjes	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1129	Hallum, Yn 'e Jister	Tiko	Pjutte-opfang
1130	Ryptsjerk, De Wielenweide	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1132	Rinsumageast, De Oesterkes	Vandaag Kinderopvang	Pjutte-opfang
1133	<i>Aldegea (S), 't Fleurige Flinterke (sletten)</i>	<i>Partikulier</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1134	<i>Vegelinsoard, Muontserakkers (sletten)</i>	<i>Skik</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1135	Dokkum, CKO De Kleine Oase	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1137	Noardburgum, It Krobbenêst	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1138	Kollum, Twinkel	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1139	Akkrum, kdv Akkrum	SKF	Bernedeiferbliuw
1140	Burum, Pinkelotje	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1141	Aldehaske, It Bargeboskje	SKIK	Pjutte-opfang
1142	St Nyk, locatie Maeykehiem	SKIK	Bernedeiferbliuw
1143	De Jouwer, Woudfennen	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1144	Reahûs, IKC Sint Bonifacius	St. Eigen en Wijzer	Pjutte-opfang
1145	Grou, bdf Jongema	SKF	Bernedeiferbliuw
1146	Kollumersweach, Dondersteen	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1147	Drachtster Kompegnije, BDF Us Stekje	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1149	Boalsert, Villafleur	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1153	Garyp, Kinderopvang Garyp / Tomke	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1154	<i>Aldeboarn, It Keallekampke (sletten)</i>	<i>Partikulier bernedeiferbliuw</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1155	Kollumersweach, It Wrottershonk	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1156	Gerkeskleaster, Dol-fijn	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1158	Ychtenbrêge, De Veenscheiding	Doomijn	Pjutte-opfang
1161	Penjum, De Penjumer Ullefeltsjes	SKF	Pjutte-opfang

1162	Gytsjerk, Nei 't sin	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1163	Tsjummearum, Boartershonk	SKF	Pjutte-opfang
1164	<i>Achlum, De Poartepleats (sletten)</i>	<i>Partikulier bernedeiferbliuw</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1165	Nijehoarne, De lytse sinnestrieltsjes	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1167	Dokkum, Alderleafste	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1168	Beetstersweach, Thuishuis Tomke	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1169	Ljouwert, Greunshiem	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1170	Seisbierrum, KO De Skeakel	SKF	Bernedeiferbliuw
1171	Garyp, Lyts Grut	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1173	Burgum, Pbp De Bistebus	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1174	Kollum, PO De Klimop	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1175	Sint Nyk, It Klimmerblêd (splitsing)	SKIK	Pjutte-opfang
1177	De Harkema, De Wâldpykjes	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1178	Surhústerfean, It Krobbehiehm	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1179	Stynsgea, It Hummelhoekje	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1180	Anjum, Thuishuis Zeeparel	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1183	Fryske Peallen, Ús Boartersplakje	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1184	De Jouwer, De Brede Skoalle	SKIK	Bernedeiferbliuw
1185	De Westereen, Thuishuis It Boefke	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernedeiferbliuw
1186	Fryske Peallen, De Krobbe Dobbe	Partikulier pjutteboartersplak	Pjutte-opfang
1189	Damwâld, bdf De Blokkedoaze	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1192	Dolsterhuzen, Bdf. Madelief	Partikulier bernedeiferbliuw	Bernesintrum
1193	Drachtster Kompegnije, Pbp. Us Stekje	Partikulier pjutteboartersplak	Pjutte-opfang
1194	Tsjom, Pbp. It Hummelhonk	SKF - CBO NW Fryslân	Pjutte-opfang
1195	Achlum, Pbp. It lyts finster	SKF - CBO NW Fryslân	Pjutte-opfang
1196	Seisbierrum, POV De Skeakel	SKF - CBO NW Fryslân	Pjutte-opfang
1197	De Jouwer, pbp Lytse Mattheus	SKIK	Pjutte-opfang
1601	Grou, pbp Jongema	SKF	Pjutte-opfang
1602	Burgum, BDF De Poppestien	Kinderwoud	BDF (4 groepen)
1605	Wâldsein, Thuis bij Thea	TBT Groep	Bernedeiferbliuw
1607	Aldeboarn, pbp SKF	SKF	Pjutte-opfang
1608	Wynjewâld, Pbp De Telle	Kinderopvang Esther B.V.	Pjutte-opfang
1609	Ferwâlde, PO De Polepykjes Thuis-bij-Thea	TBT Groep	Pjutte-opfang
1611	Aldehaske, Thuishuis De Lytse Haskes	Partikulier bernedeifebliuw	Bernedeiferbliuw
1613	De Lemmer, Lemstervaart	Doomijn	Pjutteopfang
1614	Himmelum, De Barte	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1615	Reduzum, De Earste Wjukslach	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1616	Westergeast, It Pjutteplak	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1618	Wergea, Ukkepukkeplak	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1619	Langwar, De Lytse Swan	SKIK	Pjutte-opfang
1621	Deinum, It Hummelhonk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1622	Eksmoarre, It Peuterhonk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1623	Tsjerkwert, It Pjuttehonk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1702	<i>Raerd, Peuterpret (sletten per 1-1-2000)</i>	<i>Kidsfirst</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1703	De Jouwer, De Pikestjelp	SKIK	Pjutte-opfang
1704	Akkrum, It Bernekuorke	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1708	Starum, It Kwetternêst	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1711	De Jouwer, Julianaleane	SKIK	Bernedeiferbliuw

1712	Arum, Lyts Begjin	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1717	Dronryp, Sint Radbodusschool (SKF)	SKF	Pjutte-opfang
1806	Warkum, Bdf. Sinnefleur	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1808	Tytsjerk, Drie Turven Hoog	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1814	Terwispel, PO It Krielhúske	Kinderopvang Esther B.V.	Pjutte-opfang
1913	St. Nyk, De Paedwizer	SKIK	Pjutte-opfang

**Totaal nivo 3: 196 lokaasjes (171 iepen, 25 ticht)**

## Nivo 2

1002	<i>Burchwert, It Klimmerblêd (sletten)</i>	<i>St. Psz Wûnseradiel</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1033	<i>Easterwierrum, It Pjuttehonk (sletten)</i>	<i>St. Welzijn Middelsee</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1066	<i>Hilaard, De Boeffjes (sletten)</i>	<i>Sisa Kinderopvang</i>	<i>Pjutte-opfang</i>
1073	<i>Drachten, Poppedijne (sletten)</i>	<i>Catalpa Kinderopvang</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1099	<i>t Hearrenfean, Fleurtje Belle Fleur (sletten)</i>	<i>Partikulier Bernedeiferbliuw</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1100	<i>Jobbegea, It Bernebosk (sletten)</i>	Kinderwoud	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1102	Makkum, De Vlindertuin	Kidsfirst	Pjutte-opfang en bdf
1113	<i>Snits, De Bernepoort (sletten)</i>	<i>Catalpa Kinderopvang</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1126	<i>Drachten, It Túnhús (sletten)</i>	<i>Partikulier bernedeiferbliuw</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1150	De Lemmer, Betelgeuze	Doomijn	Bernedeiferbliuw
1166	<i>Bûtenpost, CKO Krummel (sletten)</i>	<i>Partikulier bernedeiferbliuw</i>	<i>Bernedeiferbliuw</i>
1176	Holwert, Kinderopvang en peuteropvang De Spetters	SKF	Bernedeiferbliuw
1181	Aldwâld, It Pjutteplak (trochstart 2010)	Tiko Kinderopvang	Pjutte-opfang
1187	Wytgaard, De Lytse Twirre	SKF	Bernesintrum
1198	Dokkum, De Tuimelaar	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1610	Wommels, Thuis-bij-Thea	TBT Groep	Bernedeiferbliuw
1620	Jirnsum, It Kattekuorke	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1701	Oerterp, De Hummelterp/Kindercentrum De Spil	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1709	Snits, Madelief	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1710	De Tynje, De Lytse Wrâld	Kinderopvang Esther B.V.	Pjutte-opfang
1716	Froubuorren, It Hummelhuecky	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1718	Dokkum, POV Madelief	SKF	Pjutte-opfang
1719	Nijbeets, Lyts Boerehiem	Partikulier	Bernedeiferbliuw
1801	De Jouwer, Thuishuis Stap voor Stap	Partikulier bdf	Bernedeiferbliuw
1802	Kollumerpomp, Bdf/POV Thuishuis Pompidoe	Partikulier bdf en pjutte-opfang	Pjutte-opfang en bdf
1803	Langsweagen, Pbp Boartlik Begjin	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1809	Dokkum, POV De Kleine Wereld	SKF	Pjutte-opfang
1810	De Gordyk, POF De Librije	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1817	Makkum, PO Krobbeguod	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1908	Akkrum, Bdf. Boartershiem	Partikulier	Bernedeiferbliuw

**Totaal nivo 2: 30 lokaasjes (21 iepen, 9 ticht)**

## Nivo 1:

1160	Boalsert, IKC Sint Maarten (PO Het Samenspel)	SKF	Bernesintrum
1604	Skearnegoutum, Thuis bij Thea	TBT Groep	Bernedeiferbliuw
1612	Stiens, De Zeeparels	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1617	Grou, Hummeltsjehonk	Kidsfirst	Pjutte-opfang
1707	Dronryp, It Anker	SKF	Pjutte-opfang
1714	De Gordyk, POF Loevestein	Kinderwoud	Pjutte-opfang

1715	De Gordyk, Bdf Loevenstein	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1813	Bakkefean, PO De Dúnkrûmels	Kinderopvang Esther B.V.	Pjutte-opfang
1819	Aldegea (SM), Vandaag Kinderopvang	Vandaag Kinderopvang	Bernedeiferbliuw
1912	Makkum, Thuishuis Doerak	Partikulier	Bernedeiferbliuw

**Totaal nivo 1: 10 lokaasjes**

**Ynfieringsfase**

1151	Wergea, De Pastorij (trochstart)	SKF	Bernedeiferbliuw
1603	Snits, Thuis bij Thea	TBT Groep	Bernedeiferbliuw
1705	De Knipe, De Lytse Kompagnon	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1706	Ie, De Ukkepuk	SKF	Pjutte-opfang
1713	De Gordyk, POF Centrum	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1804	Nijbeets, POFDe Krielpykjes	Kinderwoud	Pjutte-opfang
1805	Nijbeets, Bdf. It Pikehok	Kinderwoud - Tante Jansz	Bernedeiferbliuw
1807	Oentsjerk, Mearkelân	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1811	Beetstersweach, POF It Kwetternest/Bdf De Kubus	Kinderwoud	Pjutte-opfang en bdf
1812	Drachten, Bdf. Bunderbos	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1815	Tytsjerk, Bdf. Piipba	Kinderwoud	Bernedeiferbliuw
1816	Boelensleane, Vandaag Kinderopvang	Vandaag Kinderopvang	Bernedeiferbliuw
1818	Deinum, Kindercentrum Deinum	Partikulier bdf	Bernedeiferbliuw
1820	Snits, Bdf Stipkidz	Partikulier bdf	Bernedeiferbliuw
1901	Kollum, Bdf. De Tovertún	Tiko Kinderopvang	Bernedeiferbliuw
1902	Bûtenpost, Bdf. Bommelstein	Tiko Kinderopvang	Bernedeiferbliuw
1903	De Harkema, Bdf. Harlekein	Tiko Kinderopvang	Bernedeiferbliuw
1904	Surhústerfean, Bdf. De Kindertuin	Tiko Kinderopvang	Bernedeiferbliuw
1905	Grou, POF Friesmastate,	SKF	Pjutte-opfang
1906	Dokkum, Bdf Thuis bij Thea	Thuis bij Thea	Bernedeiferbliuw
1907	Aldeboarn, Bdf. Aldeboarn	SKF	Bernedeiferbliuw
1909	t Hearrenfean, Bdf. Knuffelbeer, lokaasje Anna Schotanus	Partikulier	Bernedeiferbliuw
1910	Snits, Bdf De Spettertjes	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1911	Ferwert, Bdf. Op 'e Streek	Kidsfirst	Bernedeiferbliuw
1914	Sint Anne, Bdf./POF De Arebaar	SKF	Pjutte-opfang
1915	Kollumersweach, Thuishuis Bernebeam	Partikulier	Bernedeiferbliuw
1916	t Hearrenfean, Bdf. Knuffelbeer, lokaasje Tolhuisweg	Partikulier	Bernedeiferbliuw
1917	Ljouwert, Bdf./POF De Wielen - POF De Wielen	SKF	Pjutte-opfang
2001	Berltsum, Bdf. Okidoki	SKF	Bernedeiferbliuw
2002	Menaam, POF Ebenhaëzer	SKF	Pjutteopfang
2003	Bûtenpost, Bdf. Hasselbraam Bernebrêge	Hasselbraam	Pjutte en Berne
2004	Frjentsjer, Pjutte-opfang De Toermalijn	SKF - CBO NW Fryslân	Pjutte-opfang
2005	Frjentsjer, Pjutte-opfang De Korendrager	SKF - CBO NW Fryslân	Pjutte-opfang

**Totaal ynfieringsfase: 33 lokaasjes**

**Opmerkingen:**

1612 Zeeparels (Stiens) stie ferkeard op de list yn it jierferslach fan 2019: Stie op nivo 3, dat moat nivo 1 wêze

1915 en 1916 hawwe nije nûmers krigen (der wiene dûbelde nûmers brûkt)

1614 Himmelum is dochs net sletten

1118 It Pjutteplak (Aldwâld) hat in trochstart makke